

Utnûging Lededei 2015

Acht lid,

Graach nûgje ik jo út foar de nije lededei, op **sneon 7 maart 2015**, mei as tema:

'De Fryske Akademy, Fryske mienskip en it akademysk klimaat yn Fryslân'

Wittenskip is altyd yn beweging. De lêste jierren is de rop om falorisaasje hieltyd mar sterker wurden. De Fryske Akademy is fan betinken dat hja sûnt syn oprjochting midden yn de mienskip stien hat en noch hieltyd stiet. Der is altyd socht om de oansluting mei de ynwenners fan Fryslân te sykjen middels ús wurkgroepen en wurkferbannen, lêzingen, taalenkêtes en it optekjen fan folksferhalen, om mar in pear fan de aktiviteiten yn de 76 jier fan it bestean fan de Akademy te neamen.

Lês fierder op 'e oare side >>>

Programma

13.00 oere Ynrin

13.30 oere Iepening troch Hanno Brand, direkteur-bestjoerder Fryske Akademy
Taljochting op fyzje

Lêzing troch Pieter Winsemius
Leden en Friezen om utens: een netwerk?

Lêzing troch Steven Sterk, lid Maatskiplike Advysrie Fryske Akademy
De Akademy is fan ús

Romte foar diskusje oer rol en betsjutting fan 'e leden

15.15 oere Kofje-/teeskof

15.45 oere Presintaasje troch Mirjam Günther-van der Meij
Tredde taalûntjouwing fan balansearre en net-balansearre twatalige jonge adolessinten

Presintaasje troch Hans Cools
Wijbrand de Geest in Rome

16.45 oere Ofsluting mei in drankje en in hapke

Datum: **sneon 7 maart 2015**

Plak: **De Koperen Tuin (Prinsentuin 1, 8911 DE)**

Ljouwert/Leeuwarden, www.dekoperentuin.nl

Tiid: **13.30-17.30 oere**



De tiid hâldt lykwols gjin skoft en nije tiden freegje om nije oanpakken, ynfollingen en 'best practices'. De Fryske Akademy is bygelyks al lang net mear it iennichste kennisynstitút yn Fryslân. In oar wichtich punt is dat de *braindrain* út Fryslân wei hieltyd mar trochgongen is. Foar de Akademy pakt dy *braindrain* hiel nuver út, want krekt dy minsken dy't by útstek ynteressearre binne yn wat wy dogge, ferlitte Fryslân.

Pieter Winsemius

Dêrmei reitsje wy de kearn fan it tema dat op 7 maart oan 'e oarder komme sil. Pieter Winsemius hat op it jubileumsymposium by it 75-jierrich bestean fan de Fryske Akademy in tige nijsgjirrige lêzing jûn oer it akademysk klimaat yn Fryslân. Syn pleit wie doe û.o.: belûk al dy suksesfolle Friezen om utens by wat der yn Fryslân bart om Fryslân fierder te helpen. Winsemius is ree fûn om oan dat ferhaal in ferfolch te jaan, taspitst op de fraach: hokker rol kinne de leden fan de Fryske Akademy spylje by it lizzen fan ferbiningen tusken de Fryske Akademy, de Fryske mienskip en de heech oplate en suksesfolle Friezen om utens, dy't wat foar Fryslân betsjutte kinne soene.

De bekende boekeman, útjouwer en keunstkenner Steven Sterk sil ek oan it wurd oer dit tema. Dêr't Winsemius sels de Fries om utens is, is Sterk in kosmopolyt op it plattelân. Oeral thús hat er him dochs nei wenjen set oan de râne fan De Deelen ûnder Tjalbert. In pear fan Sterk syn stellingen: 'Jo binne Fries as jo jo Fries fiele' en 'De Akademy is fan ús'. Sterk sil dus oan it wurd oer syn fykje op de binning tusken de Fryske Akademy en de Fryske mienskip.

Yn petear

Ik hoopje dat jo manmachtich oanwêzich wêze sille om mei-inoar oer dit foar de Fryske Akademy en Fryslân wichtige tema te diskusjearjen en yn petear te gean. Ik sjoch hjir in wichtige rol yn foar de leden fan de Akademy. Dêrneist is de lededei de gelegenheid by útstek om yn 'e kunde te kommen mei de oare leden fan de Akademy. De nammen fan alle leden binne te finen op ús website, mar ik haw se ek foar de folsleinens taheakke by dizze útnûging. Der wurdt wurke oan wiidweidiger ynformaasje oer de leden op ús website. Jo hawwe dêrta ferline jier in enkête ynfolle. Oer de fuortgong dêrfan sil ek ferslach dien wurde op de lededei.

Fansels wol ik jo dêrneist ek graach op 'e hichte bringe fan it rinnende ûndersyk op de Akademy. Dat bart yn de foarm fan in presintaasje fan Mirjam Günther-van der Meij, dy't letter dit jier har ûndersyk ôfrûnje sil nei tredde taalwinning troch twatalige jonge adolessinten. Ek sil de histoarikus Hans Cools (earder Universiteit fan Leuven), ien fan de twa nije senior ûndersikers dy't krekt beneamd binne, him foarstelle en fertelle oer syn ûndersyksplannen. De Fryske Renêssânseskilder Wybrand de Geest spilet dêrby in rol.

Opjaan

Ik sjoch der nei út om jo te moetsjen yn de Koperen Tuin op sneontemiddei 7 maart oankommend! Wolle jo uterlik 1 maart trochdwaan oft jo fan doel binne om te kommen? Dat kin mei in mailberjocht oan: baly@fryske-akademy.nl.

Mei rju achtinge,
Fryske Akademy,

Hanno Brand

*Hanno Brand,
direkteur-bestjoerder*



Pieter Winsemius



Lededei 2013